

DEI FAN DE FRYSKE TAALKUNDE

14 desimber 2012

GEARFETTINGEN

Meartaligens by jonge bern – in goede start!

Idske Bangma (Mercator Europeesk Kennisintrum foar Meartaligens en Taallearen/Fryske Akademy-KNAW, Ljouwert)

Opfieders freegje harren ôf: Hoe kin ik myn bern twa- of meartalich grutbringe? It meartalich grutbringen fan tige jonge bern yn teory en praktyk, dat is wêr't it binnen it Europeeske MELT-projekt (Multilingual Early Language Transmission, 2009-2011) om gie. Alden en liedsters fan foarskoalske foarsjennings hawwe wilens dit projekt mear ynsicht krigen yn meartaligens by jonge bern.

Opfieders soene harren bewust wêze moatte fan it feit dat jonge bern hiel graach wat leare wolle en taalgefoelich binne, se leare maklik mear as ien taal tagelyk. Ut wittenskiplik ûndersyk docht bliken dat meartaligens positive gefolgen hat foar de edukative en de talige ûntwikkeling fan in bern: trochdat it fia twa talen ynformaasje ferwurket, ûntwikkelet it in fleksibele tinkwize. Meartaligens hat kognitive, talige, sosjale, ekonomyske en kulturele foardielen dy't foar de lange termyn jilde. Meartaligens is in pree op dyn cv!

Om meartalich grut te wurden yn provinsje Fryslân, kinne jonge bern fan 0-4 jier it bêste in Frysktalige of twatalige opfieding en in Frysktalige of twatalige foarskoalske edukaasje krije. De begeunstiging fan regionale en minderheidstalen is fan krusjaal belang foar harren takomst, benammen yn ús tiid fan in hieltyd tanimmende globalisearing. Dat is ien fan de útkomsten fan it Europeeske MELT-projekt, dêr't Mercator (Europeesk Kennisintrum foar Meartaligens en Taallearen, ûnderdiel fan de Fryske Akademy) projektlieder fan wie.

Ideeën en ekspertize waarden dield yn ynternasjonaal ferbân; der wie in gearwurking fan fjouwer regio's mei in regionale of minderheidstaal: Fryslân (Frysk yn Nederlân), Wales (Welsh yn Ingelân), Sweedsktalige regio's yn Finlân (Sweedsk yn Finlân) en Bretagne (Bretonsk yn Frankryk). De partners hawwe meiinoar in brosjure en hânboek ûntwikkele: "Meartaligens yn it deistich libben". Dizze produkten binne oerset yn 8 talen. It hânboek foar liedsters fan bernedeiferbliuwen en pjutteboartersplakken biedt hânfetten, praktykfoarbylden, lesideeën en teory oangeande taallearen by bern fan 0-4 jier. It hânboek is troch 160 liedsters fan ferskillende sintra foar berne-opfang yn de regio's útprobearre. It SFBO (Sintrum Fryske Berne Opfang) spilet al mear as tweintich jier de wichtichste rol yn Fryslân at it giet om it yntrodusearjen fan de Fryske taal by jonge bern; it SFBO hat dit hânboek dan ek yn Fryslân yntrodusearre. Neist it hânboek is in wichtich produkt in ynformaasjeboekje foar jonge âlden dy't sitte mei fragen oer it grutbringen fan harren bern yn twa of mear talen. Dizze brosjure is no oerset yn 11 talen en der is yn novimber 2012, neist de Frysk-Hollânske, in Biltsk-Hollânske ferzje útkaam. Yn gearwurking mei de Kemmissy Meertalighyd en de gemeente It Bilt sil dizze brosjure begjin 2013 ferspraat wurde ûnder de Biltske âlden.

Yn myn presintaasje sil in gearfetting jûn wurde fan de útkomsten, resultaten en it ferfolchûndersyk fan it Europeeske MELT-projekt, basearre op de MELT-publikaasje en in te publisearjen artikel yn it ynternasjonale tydskrift *Synergies of Europe*.

Interventiemethoden voor receptieve meertaligheid - Een case study met Nederlanders die Fries leren verstaan

Fenna Bergsma, Femke Swarte en Charlotte Gooskens (Rijksuniversiteit Groningen)

In onze lezing doen wij verslag van een onderzoek naar de invloed van verschillende interventiemethoden op receptieve taalverwerving. Wereldwijd worden veel talen gesproken. Wanneer er niet dezelfde taal gesproken wordt, kan het lastig zijn om elkaar te begrijpen. Een vaak gekozen oplossing, het gebruiken van het Engels als lingua franca, blijkt niet altijd goed te werken (cf. Van Heuven & Wang, 2007). Een andere oplossing is receptieve meertaligheid: een vorm van communicatie waarbij twee sprekers van nauwverwante talen elk hun eigen taal spreken en de vreemde taal verstaan. In Scandinavië is dit een veelvoorkomende manier van communiceren (cf. Gooskens, 2007). Wanneer semi-communicatie meer gebruikt zou worden, zou dit implicaties kunnen hebben voor het vreemdetalenonderwijs. De focus zou meer kunnen liggen op het leren verstaan van een taal in plaats van het leren spreken van een taal.

Wij hebben onderzocht, op welke manier het verstaan van een taal het best geleerd kan worden, door de Friese taal op twee verschillende manieren aan te bieden aan twee groepen sprekers van het Nederlands. De eerste groep zal natuurlijke input krijgen in de vorm van een televisieprogramma. De tweede groep krijgt een vorm van gecontroleerde tutoring aangeboden met daarin specifieke taalkundige informatie, onder andere over de belangrijkste overeenkomsten en verschillen tussen het Nederlands en het Fries. Door middel van een pre- en posttest wordt onderzocht hoeveel de twee groepen deelnemers voor en na de interventie van het Fries begrijpen. Dit zal gemeten worden met behulp van een luistertest. Ook worden de taalattitudes van de deelnemers tegenover het Fries voor en na het experiment gemeten. Zo kan onderzocht worden of er een correlatie bestaat tussen taalattitudes en het leerproces.

De resultaten zullen inzicht bieden in welke leermethode het meest effectief is: natural input of gecontroleerde tutoring. Ook zal blijken of er een correlatie bestaat tussen taalattitudes en het leren van een vreemde taal.

Literatuur

Heuven, V. J. van & H. Wang (2007). Quantifying the interlanguage speech intelligibility benefit. In W. Barry & J. Trouvain (eds) *Proceedings of the 16th International Congress of Phonetic Sciences, Saarbrücken*. Saarbrücken: Universität des Saarlandes, 1729-1732.

Gooskens, C. (2007). The Contribution of Linguistic Factors to the Intelligibility of Closely Related Languages. *Journal of Multilingual and Multicultural Development*, 28 (6), 445-467

It Frysk by it Frysk Selskip Swol

Bonno van Dyk (studint Frysk NHL Hogeschool, Ljouwert)

Foar in stúdzje-opdracht foar it fak Taalsosjology by de oplieding Frysk oan de NHL Hogeschool yn Ljouwert haw ik ûndersyk dien nei it brûken, it behearskjen en de taaloerdracht fan it Frysk by de leden fan it Frysk Selskip Swol (oprjochte yn 1899; 240 leden). Ik koe oanslute by it ûndersyk "Friezen om utens" fan dr. L.G. Jansma en drs. G.H. Jelsma (Fryske Akademy), dy't yn 1992 soksoartich ûndersyk by alle Fryske ferienings om utens en studinterferienings dien hawwe. De fragelist foar dat ûndersyk bestie út 28 fragen, mei de tema's : Algemiene karakterisearring fan de respondintegroep, Taalkomôf en Feardigens oangeande it Frysk, Taalbehearsking en Taaloerdracht. As it ûndersyk by it Frysk

Selskip Swol ferlike wurdt mei dat by de Friezen om utens, binne de meast opfallende útkomsten:

- Fan de respondinten fan it Frysk Selskip Swol is 94% âlder as 60 jier; der is hast gjin oanwaaks mear fan nije leden.
- 41% fan de respondinten hat it Frysk skriuwen yn 'e macht; by de Friezen om utens wie dat 32% en yn Fryslân is dat 17% (neffens Gorter en Jonkman yn 1995).
- De respondinten prate hast gjin Frysk mear mei de pake-en beppesizzers.

It plakoantsjuttende wurd 'wedze'

Pieter Duijff (Fryske Akademy-KNAW, Ljouwert)

Yn it Wurdboek fan de Fryske taal stiet yn de kop fan it artikel *wedze* ûnder mear dit:

Flexie: Plur. *wedzen*

Etymologie: (eerste lid) Nederlands *wed*

Vergelijk: *waad*

Doe't ik as redakteur dit artikel skreau, stienen der guon fraachtekens yn; sa wie ik net wis fan de ferbining mei it Nederlânske *wed*. Omdat in wurdboek no ien kear ris ferskine moat en men gjin wurden oerslaan kin, hat de einredakteur dit derfan makke. Omdat ik der yndertiid al net tefreden mei wie, hie ik der in notysje fan makke om der nochris nei te sjen.

Yn it WFT wurdt mar ien boarnefermelding jûn, ek de iennichste dy't yn it materiaal siet: in wei fan de Grinzerstrjitwei (Twizel) nei it noarden ta hyt sûnt jier en dei 'Wedze'. Mar der is mear, want der is ek in 'Wedzebuorren' en guonlju hite fan 'Wedzinga'. Yn de Schotanus-atlas (1664) komt de namme mei in <t>. foar: 'Dam wetse'.

De namme is al âld: yn de Beneficialboeken 1542, 1543 komt de namme of it wurd twaris foar: 'weddzie'. Gildemacher neamt ien fan de twa en merkt derby op, dat it net dúdlik is, wêr't 'weddzie' nei ferwiist. Mei help fan de *Cohieren der stemmen in de Provintie van Frieslandt, van de jaaren 1640 en 1728* (Leeuwarden, 1730, s. 184) en www.hisgis.nl haw ik dy en de oare 'weddzie' fûn: trochgongen yn de Swâde (Swode, yn lokale útspraak). Ien fan dy wedzen leit westliker as dyselde dêr't no noch de wei De Wedze rint.

Mei it teplak bringen fan de 'weddzie' op de kaart is noch net ferklearre, hoe't it wurd foarme is. Dat haw it oan no ta ek net oplosse kinnen. Yn myn lêzing wol ik in pear mooglikheden sjen litte. It soe moai wêze wannear't oaren yn de diskusje goede suggestjes jaan koenen.

Literatuer

Gildemacher, K.F. (1993). *Waternamen in Friesland*. Ljouwert: Fryske Akademy.

De onderlinge verstaanbaarheid van Noord- en Westerlauwers Fries

Femke Swarte en Nanna Haug Hilton (Rijksuniversiteit Groningen)

Dit is een onderzoek naar onderlinge verstaanbaarheid tussen Noord- en Westerlauwers Fries, getoetst met een lees- en luistertaak onder 40 testpersonen in Fryslân en Nordfriesland (Duitsland).

In het Germaanse taalgebied vormen de drie Friese talen hun eigen taalfamilie. Ze zijn ontstaan uit één en dezelfde taal, maar hebben zich sinds de middeleeuwen onafhankelijk van

elkaar ontwikkeld. Doordat alle drie de Friese talen minderheidstalen zijn, hebben buur- en meerderheidstalen altijd een grote invloed op het Fries gehad.

In de literatuur wordt beweerd dat de drie Friese talen vandaag de dag teveel van elkaar verschillen om nog onderling verstaanbaar te kunnen zijn (e.g. Hemminga 1999). Ook anekdotisch bewijs vertelt ons dat de sprekers van de drie Friese talen elkaar niet kunnen verstaan wanneer ze elk hun eigen taal spreken. Empirisch bewijs voor deze uitspraken ontbreekt echter.

In ons onderzoek hebben wij gefocust op de onderlinge verstaanbaarheid tussen Noord- en West-Fries. Oost-Fries werd niet meegenomen in het onderzoek vanwege het geringe aantal sprekers (slechts 5000 volgens Lewis 2009). We hebben de onderlinge verstaanbaarheid van Noord- en West-Fries gemeten met behulp van een cloze test en een vertaaltaak met geïsoleerde woorden, beide in geschreven en gesproken taal. In een cloze test zien of horen deelnemers een tekst waarin een bepaald aantal woorden vervangen is door een gat. De deelnemers moeten de juiste woorden in de juiste gaten plaatsen.

Onze resultaten vormen een op empirie gefundeerd antwoord op de vraag hoe verstaanbaar Noord- en Westerlauwers Fries onderling zijn. Bovendien bieden ze inzicht in de betekenis van historische verwantschap van talen voor onderlinge verstaanbaarheid.

Literatuur

Hemminga, P. (1999). Language Policy in Germany and the Netherlands. A Comparison with Regard to the Three Frisian Languages. *Ethnos-Nation*, 7, 81-94.

Lewis, M. P. (2009). *Ethnologue (16th ed.)*. Dallas: SIL International.

Categorical of exemplar-based: genusoantsjutting by Frysktalige pjutten

Nika Stefan (Grins)

Is it learen fan it grammatikale genus by bern benammen exemplar-based, stjoerd troch yndividuele lemma's, of binne der kategoriale effekten yn te sjen? Dat is de haadfraach fan it resinte ûndersyk nei learstrategyen fan Fryske pjutten, dêr't trije kategoryen haadwurden yn analysearre waarden, foarôfgongen troch in bepaald lidwurd (*de, it*) of in oanwizend foarnamwurd (*dizze/deze, dy, dit, dat*).

It ûndersyk is basearre op de database dy't opset waard foar it projekt *F-TARSP (Fryske Taal Analyze Remediëarring en Screening Proseduere* [2008], Jelske Dijkstra yn gearwurking mei Mirjam Günther-van der Meij, Fryske Akademy). Dy database befettet transkribeerre petearen mei 100 Frysktalige pjutten fan 1;9 oant 4;2 jier. De bern binne opdield yn fiif âlderdomsskiften.

De neikommende kategoryen haadwurden waarden analysearre mei it each op it gebrûk fan lid- en foarnamwurden:

- 1) *Ferlytsingswurden (it)*,
- 2) *Meartalsfoarmen (de)*,
- 3) *Wurden op -e (de)*.

By alle trije kategoryen waard sawol sjoen nei elk fan de fiif âlderdomsskiften ôfsûnderlik (om de taalûntjouwing te folgjen) as nei alle proefpersoanen byinoar (om algemiene patroanen te ûntdekken).

De resultaten litte sjen dat der ferskillen binne tusken de kategoryen haadwurden, dêr't it gebrûk fan lid- en foarnamwurden net altiten like goed is neffens de noarm fan de folwoeksenen. Betsjut soks, dat de iene groep wurden werkend wurdt as in aparte kategory en

de oare net? Of binne der noch oare faktoaren dy't in rol spylje? Ik besykje hjir in antwurd op te jaan en tagelyk skets ik in algemien byld fan hoe't in Frysktalich pjut leart om grammatikale geslachten oan te tsjuten.

Variability in North Frisian Grammatical Gender: Examining Extra-Linguistic Factors

Alison E. Hendricks (Pennsylvania State University)

Within Fering, the dialect of North Frisian spoken on the island of Föhr in Germany, grammatical gender marking has long been noted as variable. Previous research has noted that speakers tend to use both genders interchangeably (Ebert, 1998; Parker, 1993), but these studies do not assess whether gender variability is driven by a select group of highly variable speakers or limited to a few lexical items. Moreover, while these linguistic studies suggest a relationship between age and variable gender marking, the extent to which extra-linguistic factors influence variability has not yet been addressed in the literature. Therefore my lecture addresses the following research questions:

RQ1: Is grammatical gender variability driven by highly variable speakers or lexical items?

RQ2: Is variable marking of grammatical gender in Fering correlated with extra-linguistic social factors?

In my lecture I present both linguistic and sociolinguistic data from an online survey of Fering native speakers. Speakers indicated the grammatical gender they would use with a particular lexical item, and the strength of their preference. Moreover, speakers indicated their language background, use of Fering within specific domains, and answered questions about their opinions toward Fering.

The results were analyzed by participants and by item, and descriptive statistics indicate that variable gender marking is not limited to a few speakers or items, but rather is prevalent throughout Fering. Correlational analyzes and regression analyzes between speakers' level of gender variability and extra-linguistic factors addressed the second research question. Six extra-linguistic factors were included in the analysis: 1. Age 2. Sex, 3. Overall amount of Fering use, 4. Positive Attitudes, 5. Migration status (i.e. whether the speaker currently lives on Föhr), 6. Level of education. The results indicate that age and the participant's overall positive opinions about Fering significantly account for how often a speaker uses both genders interchangeably. The strong correlation between a speaker's age and their use of variable gender marking, where younger speakers are more variable in their gender marking, suggests a change over time, and ultimately the possibility of the loss of grammatical gender in Fering. This change appears to be limited to grammatical gender, as noun plurals, and the domains of language use have remained relatively stable overtime.

The current results will be of particular interest to Frisian language researchers as it provides current data on the status of North Frisian, and tests the relationship between sociolinguistic factors and language change within a minority language.

References

Ebert, K. H. (1998). Genussynkretismus im Nordseeraum: die Resistenz des Fering. *Sprache in Raum und Zeit* [Gender syncretism in the North Sea area: the resistance of Fering. Language in space and time]. (pp. 269-281). Tübingen: Gunter Narr Verlag.

Parker, T. S. (1993). *Modern north Frisian and Low German. A case study in language variation and language change between languages in contact*. Kiel: Christian Albrechts Universität.

The effect of writing skills on phonetic variation: the case of word-final /sk/ in Frisian
Nanna Haug Hilton, Tsjomme Dijkstra en Brechtje Veenstra (Rijksuniversiteit Groningen)

This paper reports an investigation of the realisation of the word-final /sk/ cluster in Frisian, which has two variants, [s] and [sk]. The latter is the canonical Frisian variant, whereas the first is the variant also used in Dutch.

21 informants between the ages of 21 and 89 were asked to translate sentences from Dutch into Frisian where words with the final /sk/ cluster occurred. 6 informants had a lower educational background, while the remaining 15 had a higher one. 12 were female, 9 were male. 10 of the informants reported to be able to write Frisian, 11 had no proficiency in writing Frisian. The results show that age, gender and educational background are non-significant predictors of the usage of [sk], whereas the ability to write Frisian is a significant predictor. This finding has implications for sociolinguistic theory by showing that literacy and writing skills can be considered independent social variables in the analysis of language change.

On the (non-)archaic nature of the Old Frisian nominal inflection

Elżbieta E. Adamczyk (Faculty of English, Department of Old Germanic Languages, Adam Mickiewicz University, Poznań)

My paper discusses the early Frisian nominal system, focusing on the *interparadigmatic* analogical developments which induced the later large-scale restructuring of the inflection inherited from Proto-Germanic. The study offers an overview of the fate of the declensional paradigms in early Frisian, concentrating essentially on the *classical* stage of Old Frisian, as defined by Sjölin (1966, 1969). The process of morphological restructuring, attested to a lesser or greater extent in all Old Germanic languages, entailed a gradual transition of nouns from the unproductive declensional types (e.g. *i*-stems, *u*-stems, *r*-stems, *s*-stems) to the productive paradigms (i.e. *a*-stems, *ō*-stems and *n*-stems) and their concomitant fluctuation between the inherited and innovative paradigmatic patterns. The phenomenon resulted in the redistribution of nouns across different inflectional paradigms and brought about evident instability of the inherited nominal system, leading to its gradual disintegration.

The aim of the present study is twofold: firstly, it identifies the extent and pattern of disintegration of the original inflection in early Frisian and secondly, it attempts to frame the restructuring process in the context of the long-standing controversy over the periodisation of Frisian. The traditional approach in Frisian philology has been to assign the common term *Old Frisian* to all Frisian manuscripts and charters created in the mediaeval tradition (i.e. before 1550). Given the evidence provided by contemporaneous language forms from the surrounding areas (Middle Dutch, Middle Low Saxon, Middle High German or Middle English), the validity of the label *Old Frisian* may be questioned. The two relatively recent attempts at reevaluating the status of early Frisian, by De Haan (2001) and Versloot (2004), have led to quite contradictory conclusions, the former invalidating the use of the term “Old” to refer to mediaeval Frisian, the latter arguing in favour of the traditional terminology. Such a remarkable discrepancy can be attributed to the choice of criteria applied in the two approaches, one of them (used by both linguists) being the developments in the nominal system.

The findings of the present investigation into the early Frisian nominal inflection, despite its relatively limited scope, will hopefully make a modest contribution to the debate, offering a quantitative evaluation of the extent to which the nominal morphology reflects the archaic or non-archaic nature of mediaeval Frisian.

References

- Haan, Germen J. de (2001). "Why Old Frisian is really Middle Frisian", *Folia Linguistica Historica* 22: 179-206.
- Sjölin, Bo (1966). "Zur Gliederung des Altfriesischen", *Us Wurk* 15: 25-38.
- Sjölin, Bo (1969). *Einführung in das Friesische*. Stuttgart: J. B. Metzlerische Verlagsbuchhandlung.
- Versloot, Arjen P. (2004). "Why Old Frisian is still quite old", *Folia Linguistica Historica* 25: 253-298.

It Fryske fokaalsysteem yn de 7^{de} en 8^{ste} ieu

Arjen Versloot (Universiteit van Amsterdam en Fryske Akademy-KNAW, Ljouwert)

Ut de tiid tusken ca. 600 en 800 binne ús in 20 Fryske rune-ynskripsjes bekend (Looijenga 1997). Har ynterpretaasje is basearre op eksterne oanwizings (KOBUS op in kaam) en parallellen yn oare runekorpora, folle minder op in slutende analyze fan it ûnderlizzende fonologyske systeem en byhearrende stavering.

Utgeande fan de besteande ynterpretaasje haw ik sjoen nei de relaasje tusken de brûkte fokaaltekenen en de Proto-Germaanske lûden dy't dêr de oarsprong fan wêze soene. It docht bliken, dat it totale plaatsje opmerklik konsistint is.

It rekonstruearre fokaalsysteem past yn de haadlinen fan besteande rekonstruksjes fan it âldste Frysk, it Ald-Ingelsk en it Ald-Saksysk, mar jout tagelyk in oantal nijsgjirrige details oer de fonologyske status en de fonetyske realiteit fan de produkten fan fronting en felarisearring fan de Proto-Germaanske /a/, de gefolgen fan monoftongearing fan de Proto-Germaanske /ai/ en /au/ en de wurking fan i-Umlaut.

Literatuer

Looijenga, T. (1997), *Runes around the North Sea and on the Continent AD 150-700: texts & contexts*. Groningen: SSG Uitg.